

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. In sterke ferbining mei it bedriuwslibben, de soarchsektor en oare sosjaal-maatskiplike en kulturele organisaasjes fine wy dêrby essinsjeel.

Wy sykje foar ús team Taalpromoasje in:

PROJEKTMEIWERKER TAALPROMOASJE

foar 20-24 oeren wyks

Mei ús taalpromoasje-aktiviteiten wolle wy minsken, bedriuwen en organisaasjes bewust meitsje fan har eigen taal en identiteit en harren stimulearje om it Frysk aktyf te brûken en (mear) sichtber te meitsjen. Foar dy aktiviteiten sykje wy op koarte termyn in **Projektmeiwerker Taalpromoasje**.

Taken:

- It stypjen en mei útfieren fan projekten dy't troch it team Taalpromoasje útfierd wurde: kontakten lizzen, ôfspraken meitsje, regelwurk om aktiviteiten hinne;
- It stypjen fan de projektlieder en projektkoördinatoaren;
- Stipe jaan by projekten lykas it skriuwen fan notulen, it byhâlden fan bestellingen, it útsetten fan mailingen en it ynpakken en ferstjoeren fan materialen;
- It mei behearen fan de projektwebsites en social media kanalen.

Funksjeprofyl:

- Do hast in mbû/hbû wurk- en tinknivo;
- Do hast ûnderfining mei it skriuwen fan teksten foar in breed publyk en foar ferskate media;
- Do hast in goede mûnlinge en skriftlike behearsking fan it Frysk.
- Do bist proaktyf, wurkest selsstannich, mar sikest ek de gearwurking op, witst fan oanpakken en hast each foar detail.

Wat biede wy dy?

- In ôfwikseljende baan mei in soad selsstannichheid yn in kreatyf en entûsjast team.
- Do krijst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan ien jier, mei útsjoch op ferlinging.
- In salaris neffens de CAO Sosjaal Wurk, skaal 7, ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining.

Wolsto mei ús minsken entûsjast meitsje foar it Frysk? Dan hearre wy graach fan dy!

Mear ynformaasje en sollisitearje

Foar mear ynformaasje oer de funksje kin fan moandei o/m tongersdei kontakt opnommen wurde mei: Mirjam Vellinga, teamlieder Taalpromoasje, tel: 06-38 82 69 91.

Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 3 jannewaris 2025 nei:

ciska.noordmans@afuk.frl foar de direkteur-bestjoerder fan de Afûk, Alex de Jager.

De petearen wurde yn oerlis ynpland, mar sille by foarkar plak fine yn wike 3 2025.

